linkk

IT IENNIGE ECHTE FRYSKE TYDSKRIFT FOAR JONGEREIN

2 novimber 2026 / jiergong 27

Freonen en frije tiid

MATHIJS

Mathijs bout oan syn dj-dream



Brommerhobby



Keet op it hiem

So Incredible • Meta-brillen • Sportfanaat Dean

Max Verstappen • Kening Redbad • Hyves? Wat is dat?

YNHÂLD

2 **Ynhâld en LinKke Saken**
Koarte nijtsjes

4 **Jesmer Jan en syn freonen**
Yn de keet

6 **Jilles en syn maten**
Strip

7 **Mathijs bout oan syn dream**
Dj'e yn de frije tiid

8 **Wat dochsto yn dyn frije tiid?**
Strjitynterviews

10 **LinKke Siden**
Nijs oer de stjerren

12 **Triatlon: swimme, fytse en drave**
Sportfanaat Dean

14 **Yslik**
Koart ferhaal

16 **Redbad: kening fan de Friezen**
Moatst witte

18 **SA2026**
De nijste gadgets en hypes

19 **Skoare**
Poëzy

20 **F-terside**
Oer games, ynternet en tech

linKk is in tydskrift foar jongeren, dat yn in skoaljier fiif kear ferskynt. It kin as selsstannich blêd lêzen wurde, mar it slút ek oan by de tema's fan de digitale metoade Searje 36.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

TAALPLAN FRYSK 2030

Redaksje: Marrit de Schiffart
Untwerp: Monique Vogelsang Grafisch Ontwerp
Opmaak/Printwurk: Dandez Frjentsjer
Korreksjes: Tsjomme Dijkstra
Redaksje-adres: Cedin/Sintrum Frysk en Meartaligens
Lavendelheide 21, 9202 PD Drachten
tel 088 0200 300
linkk@cedin.nl
www.linkk.frl

De redaksje fan LinKk hat besocht fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen op publisearre materiaal kin kontakt opnimme mei linkk@cedin.nl.

cedin

Hoi!

Neat moaier as frije tiid trochbringe mei freonen! Nei in lange skoaldei lekker sporte, muzyk harkje, filmkes sjen of kletse. It hoecht hielendal net djoer of spannend te wêzen. Dêr kamen wy achter doe't wy oan jim de fraach stelden:

Wat dochsto yn dyn frije tiid mei freonen?
(De antwurden fynst op side 8.)

It tema fan dizze LinKk is 'Freonen en frije tiid'. Yn dit tydskrift steane dus ideeën om dyn frije tiid yn te foljen. Mathijs van de Lindt hâldt bygelyks fan dj'en (side 7), Dean de Jong fan triatlons (side 12) en Jesmer Jan fan yn de keet sitte (side 4).

Dus: sykje dyn freonen ek op en meitsje der wat moais fan!

Marrit de Schiffart



Mear Arabysk, Poalsk én Frysk op skoalle

Yn hast elke klasse sit wol in learling dy't thús in oare taal praat as Nederlânsk. Earder mocht dy thústaal hast net brûkt wurde. Sûnt dit skoaljier binne der nije kearndoelen yngien. Skoallen binne no ferplichte om romte te bieden oan de thústaal fan learlingen. Dat betsjut dat talen lykas Turksk, Arabysk en Poalsk brûkt wurde meie yn 'e klasse.
De regel jildt ek foar Frysk en oare streektalen. Net allinne yn de lessen Frysk, mar ek by oare lessen. It idee derachter? As learlingen yn de eigen taal oerlizze of faker dingen opsykje, kinne se better leare.



Ek de kearndoelen foar it fak Fryske taal en kultuer binne fernijd. Learlingen fan Comenius Mariënburg yn Ljouwert krigen besite fan de Fryske deputearre Eke Folkerts. Sy oerhandige de nije doelen.

Fulkaan ûnder de Waadsee?

Sit der in fulkaan ûnder de Waadsee? As it oan Google leit wol. Ast op Google Maps sikest op 'Zuidwalvulkaan', dan sjochst reviews fan minsken dy't de fulkaan besocht hawwe. Mei foto's en al, makke troch AI. It is hielendal yn: gekke reviews pleatse fan plakken dêr't gjin minske komt. Sa lêst by de Súdwalfulkaan: 'LET OP: in april en mei is de wandelroute rondom de vulkaan beperkt toegankelijk in verband met het broedseizoen van de flamingo's'. En: 'Ik spreek meestal af met Banjo de zeehond. Voor een haring brengt hij je naar beneden, daar waar de Zuidwalvulkaan zijn lava de Waddenzee in laat stromen'.

Ast no tinkst, hat Fryslân echt in fulkaan yn de Waadsee?! Ja! Al is er al in skoft net mear aktyf, sa'n 150 miljoen jier...



TOP5

Frije tiid

Wat docht de jongerein yn frije tiid? Dat stiet yn de Trendanalyse Jongeren fan TeamAlert (2025). Yn it ûndersyk komme dizze aktiviteiten it faakst foar:

1. **Social media**
2. **YouTube, Netflix en telefyzje sjen**
3. **Tsjille mei freonen**
4. **Muzyk/podcasts harkje**
5. **Sporte**





Ding fan 'e dei
(Grej of the day)

In ferhaal dat ta libben komt yn de iepen loft, in typysk Frysk fenomeen.

It antwurd fynst op side 18.

Jesmer Jan en syn freonen sitte yn de keet

Jesmer Jan Visser (13) sit yn de earste klasse fan Aeres Ljouwert en wennet op in pleats yn Wytgaard. Op de buorkerij is altyd wol wat te dwaan, mar yn syn frije tiid sit er it leafst mei syn freonegroep yn de keet. Gewoan op it eigen hiem.









Mei wa sitte jim altyd yn ‘e keet?
‘Wy hawwe in fêste groep fan sa’n tsien jonges en famkes. De measten kenne elkoar fan de basisskoalle en oare komme út myn fuotbalteam. Wy komme allegear út Wytgaard en omkriten en binne tusken de alve en fjirtjin jier.’

Sûnt wannear sitte jim yn dizze caravan?
‘Sûnt ôfrûne simmerfakânsje. Ik woe graach in eigen plak ha mei myn freonen. Us heit hat dizze keet foar ús regele. In maat fan him hie in freon yn Jelsum en dêr stie dizze caravan te keap. Der siet al in bar yn en in bank en in tafel, wy hoegden der dus neat oan te ferspikerjen. De binnenkant ha wy wol moai makke mei flachjes, ljochtsjes en buordsjes. Dy buordsjes ha ’k op fakânsje yn Drinte op in merk kocht.’

Hat de keet ek in namme?
‘Ja, Keet De Prutsers, want wy sitte hjir altyd mar wat om te prutsen. No’tst it seist, wy moatte eins noch in buordsje mei de namme meitsje.’

Prutse? Wat dogge jim dan yn de keet?
‘Gewoan, mei-elkoar sitte. Muzyk oan, wat drinke, laitsje en de gek mei-elkoar hawwe… gewoan tsjille dus. En de famkes meitsje faak TikTok-dûnskes, dêr wurde wy wolris gek fan.’

Hoe faak sitte jim yn de keet?
‘Alle wykeinen, meastal op freedtejûn en sneontejûn. By binnenkomst betellet elkenien in euro. Dêrfan kinne wy de oare kear dan wer drinken en sjips helje. Ien kear yn de fiif wiken fiif euro betelje mei ek. De measten fan ús moatte tsien oere wer thús wêze, dus dan is it wer gebeurd. Dat is soms mar goed ek, foaral foar de buorlju, want der sitte wol roppers en razers tusken.’



Ha jim ek keetregels?
‘Ja, der hinget hjir in buordsje mei alderhande regels. Dy hat ús mem makke mei AI. Der stiet bygelyks op dat wy de buorlju te freon hâlde moatte, dat wy rommel sels wer opromje en dat fjoer ferbean is yn ’e keet. Regels oer drank en drugs binne der net, want dat meie wy dochs noch net ha. Der hingje hjir noch wol wat âlde drankflessen fan de foarige keetbewenners, mar dy binne leech.’

Wat fynst it moaist oan de keet?
‘Dat wy no mei ús freonegroep in eigen plak hawwe. Ik hoopje dat ús keet noch lang bestean bliuwt!’

Tekst: Marrit de Schiffart, byld: Piet Douma



JILLES EN SYN MATEN



Strip: Reinoud Bekkema

Dj e yn de frije tiid

Mathijs bout oan syn dream



De 12-jierrige Mathijs van de Lindt sit yn 2 vwo op it Bornego College. Krekt as syn leeftiidsgenoaten moat hy gewoan nei skoalle en húswurk meitsje. Mar sa gau't er tiid hat, stiet er achter syn dj-set. As dj M1LD wurket hy hast alle dagen oan syn dream: better wurde en úteinlik op in grut festival te stean.

Dy dream begûn doe't Mathijs acht jier wie. Yn de auto fan syn heit hearde er in cd fan Tiësto: *Live At Innercity Amsterdam 1999*. De kombinaasje fan beats en melody makke yndruk. 'Ik was een soort van betoverd en dacht: dat lijkt me fantastisch om te doen.' Earst besocht er it dj'en út op in iPad. Dêrnei frege er fan de krystman in dj-set en begûn serieuzer te oefenjen.

Mathijs hat it dj'en sels oanleard. Sa no en dan sjocht er filmkes op YouTube, mar hy ûntdekt foaral hoe't muzyk yninoar sit troch it sels te besykjen. Sels op skoalle sjitte him ideeën yn 't sin. As er yn 'e kantine de sang fan in nûmer heart, tinkt er soms al nei oer it ynstrumintale part dat dêrby passe soe.

Eigen muzyk

Dj'e is dan ek mear as nûmers efterinoar sette. It folume moat klopje, oergongen moatte soepel wêze en de ferskillende muzykstikken moatte byinoar passe. Mathijs besiket ek eigen muzyk te meitsjen.





Dêryn wol er him graach fierder ûntwikkelje. Oefenje docht er hast alle dagen, faak op syn minst ien oere.

Yntusken stiet Mathijs ek hieltyd faker foar publyk. Hy die mei oan Kunstbende, in wedstriid foar jong kreatyf talint. Hy stie tusken âldere dielnimmers, mar waard twadde! By Kunstbende fernaam er dat eigen produsearre nûmers belangryk binne ast fierder komme wolst.
Mathijs draait soms ek op klassefeestjes en by jongereinsintrum Casa yn syn wenplak It Hearrenfean. Foar publyk draaie fynt er leuk. 'Daar krijg ik energie van en voor publiek doe ik nog beter mijn best.' As it publyk net op syn muzyk reagearret, dan besiket er syn set oan te passen.

Tomorrowland

Nei it vwo wol Mathijs in oplieding folgje, mar yn syn frije tiid wol er ek trochgean mei draaien. Bekend wurde as dj soe geweldich wêze, mar hy wit ek dat sa'n karrière net fanselssprekkend is. Wêr't er úteinlik graach draaie wolle soe, wit er wol: 'Het liefst op een groot festival zoals Tomorrowland of Mysteryland!'

Tekst: Bianca Beemer, byld: Martin de Jong

Wat dochsto yn dyn frije tiid?

Wat dogge do en dyn freonen yn jim frije tiid? Dy fraach stelde LinKk oan in pear jongeren. It smiet ynteressante antwurden op!



Thije Feenstra

14 jier, CSG Liudger Burgum

Myn hobby is fiskjen en dat doch ik alle wykeinen. Faak bin ik mei in freon en ús heit by it wetter te finen. Ik gean te fiskjen omdat ik it gewoan hiel leuk fyn om te dwaan. As ik in wike wat minder tiid ha, dan gean ik allinnich op sneins te fiskjen. It is foaral lekker om bûten te wêzen en fiskjen is gewoan cool.



Dieuwke Depenbrock

14 jier, Drachtster Lyceum

Ik praat graach ôf mei freondinnen, dan geane we it sintrum fan Drachten yn of we tsjille by ús thús. Ik wol altyd in hiel soad dingen tagelyk dwaan, want der binne safolle leuke dingen. Sûnt koart spylje ik basgitaar, ik doch oan sjongen, aktearjen en ik spylje ek noch fuotbal. Dat aktearjen doch ik twa kear wyks op skoalle. Yn desimber ha we in musical yn De Lawei. Dêrtroch haw ik in soad nije minsken kennen leard. Soms is dit alles mei-inoar kombinearje wol lestich, mar ik fernim tagelyk dat ik hjirtroch in stik minder op myn telefoan sit.

Rikst de Vries

12 jier, De Raai Drachten

Ik sit no yn 'e brêgeklasse, dat ik ha foar de simmer ôfskie nimme moatten fan de basisskoalle. Soms mis ik myn âlde klasse noch wol, mar ik ha op myn nije skoalle in goede freondinne. Ik hâld in soad fan kreatyf dwaande wêze, lykas skilderjen. Lêze doch ik ek graach en dan foaral fantasy. Ik hâld hiel bot fan bisten, sels ryd ik hynder. Ek mei ik graach piano spylje en itensiede, it leafst mei iten út ús eigen grientetún.





Linde Hilboezen

15 jier, BHS De Gordyk

De lêste tiid bin ik in soad dwaande mei naaien, foaral mei it meitsjen fan klean foar mysels. As ik wat ôf ha, fyn ik it leuk om it te fotografearjen op in passende lokaasje. Dit jier haw ik ek meidien oan Kunstbende, in kreative wedstriid foar bern. Ik wûn de twadde priis yn de kategory Expo. Ik ha dêrfoar ferskate yllustraasjes makke mei as grutste ynspiraasje: minsken. Omdat elkenien in unyk gesicht hat en net ien itselde is. As it fakânsje is, en soms ek yn it wykein, gean ik nei de JNM. Dit is in jongereinkamp dat him rjochtet op de natuer. Dêr tref ik altyd nije minsken. Fierder ha ik alle wiken musical-les. Oan de ein fan it seizoen hawwe wy dan in foarstelling en dêrnei begjinne wy wer op 'e nij.



Jan Veenstra

12 jier, OSG Singelland Surhústerfean

Us pake Tike is in goede freon fan my. Fan him haw ik in brommer krigen. It is in Sparta, út 1953. Ut skoalle wei bin ik dêr faak mei oan it sleuteljen. En ik fyn it ek leuk om er op te riden yn it lân fan ús pake. Ik ha sels ek in Tomos kocht, dy lei earst hielendal útinoar en dy haw ik sels wer yninoar set. Ik gean ek wol mei pake te riden op de trekker, dat is in Deutz. Ik fyn it ek leuk om te fiskjen, en dan foaral op snoeken. Soms doch ik dat mei freonen, mar meastal allinnich.

Tekst: Elbrich Vreeling

In twadde!

Gio Latooy en syn freondinne Lynn Hermanussen ferwachtsje in twadde poppe! De youtuber en syn freondinne binne al heit en mem fan Mexx Jack, dy't yn desimber 2024 berne waard. De twa binne tegearre sûnt 2023. Yn 2025 setten se de folgjende stap yn harren relaasje en seinen se 'ja' tsjin elkoar foar in registrearre partnerskip.



Pieter Karst Bouma, sterker as oait!

Beamstammen smite, swiere hammers smite en gewichten sa heech mooglik krije: wolkom by de Highland Games! De Fryske atleet Pieter Karst Bouma giet de útdaging mar al te graach oan. Hy is 44 jier, hat oan acht WK's meidien en is hy alve kear Nederlânsk kampioen wurden. De ôfrûne twa WK's helle hy sels syn bêste resultaten, beide kearen waard hy sechsde. Ophâlde? Dêr tinkt Bouma net oan!



So Incredible

Wa't tocht dat *So Incredible* fan Ilse de Lange benammen in nostalgysk nûmer wie, hat it mis. Eksakt achttjin jier nei de earste release is *So Incredible* wer oeral te hearren. It nije súkses is hielendal te tankjen oan tiktokker Aïsha (22). De dûnseres pleatste op TikTok in filmke dêr't se har entûsjasme foar it ferske dielde, en sûnt dy tiid is it ûntploft op de sosjals.



So Incredible kaam út yn 2008 en berikte doe it sechsde plak fan de Top 40. Mar de aldergrutste hit skoarde Ilse miskien wol mei The Common Linnets, har duo mei Waylon. Yn 2014 waarden sy twadde op it Eurovision Songfestival mei *Calm After The Storm*.

MrBeast

MrBeast pakt út, en hoe! De youtuber hat yn Gana in kompleet doarp bouwe litten foar hast tsien miljoen dollar. Der stean huzen, in skoalle, in klinyk en der is skjin drinkwetter en sinne-enerzy. It doel? Bern út de regio helpe om nei skoalle te gean yn plak fan te wurkjen op kakao-plantaazjes. En dêr hâldt it net op. MrBeast syn stifting wurket gear mei Rockefeller Foundation. Sy soargje foar skoalmielen (schoolmaaltijden) foar bern yn Kenia en Gana.



Jubileum foar Famke Louise!

Famke Louise is werom! Tsien jier nei har trochbraak mei *Op Me Monnie* stiet de sjongeres wer hielendal yn 'e spotlights. Op 22 en 23 jannewaris jout se har grutste eigen show oait yn AFAS Live. Se sjocht werom op har hits, mar komt ek mei nije muzyk. Nei in pear rêstige jierren liket Famke Louise wer hielendal klear te wêzen foar in muzikale comeback!



Max Verstappen

Max Verstappen bliuwt oant 2030 by Redbull. De koereur, dy't al faak kampioen west hat, seit dat it team fielt as syn twadde famylje. Max Verstappen makke de lêste tiid in soad útstapkes nei oare takken fan de racesport, wêrtroch't fans bang wiene dat hy ophâlde soe. No blykt dus dat de racer gewoan trochgiet. Max Verstappen soe eins oant 2028 by Redbull bliuwe, mar dat wurdt dus 2030!





Tekst: Anje Greidanus, byld: ANP Foto

Sportfanaat Dean

Triatlon: trije sporten, ien finish

Swimme, fytse én drave, en dat allegear achter elkoar. Dean de Jong (13) út Goutum docht it allegear yn ien wedstriid. De learling út klasse 2 fan Beyers Naudé yn Ljouwert die oan ferskillende triatlons mei en wûn sels de mini-triatlon op It Hearrenfean. Dochs is triatlon net syn iennige sport. Hy fuotballet, docht oan survivalrun en fynt it foaral leuk om himsels te ferbetterjen.





Dat Dean mei triatlon begûn, hat er foar in grut part oan syn heit te tankjen. Dy trainde ferline jier foar in hiele triatlon en syn soan gie geregeld mei him mei. ‘Ik vond het leuk om dat samen te doen.’
Dean hie al fluch yn ’e gaten dat der by it ûnderdiel swimmen noch winst te beheljen wie. Hy swom earst foaral skoalslach. Syn heit learde him yn de simmerfakânsje de boarstcrawl. ‘Ik wilde wat sneller en ben gaan oefenen.’ Troch sels baantsjes te lûken, fernaam er al gau foarútgong. En krekt dat fynt er moai oan sporten: traine en dêrtroch fernimme datst better wurdst.

Ek op it ûnderdiel fytse woe er flugger wurde. By ien fan syn earste triatlons ried er noch op in mountainbike. Dêrmei gie er bêst rap, mar op in racefyts kin it noch hurder. Dêrom gie hy tegearre mei syn heit op syk nei in racefyts.

Tûk wikselje

By langere ôfstannen brûkt Dean spesjale fytsskuon wêrmei’t er oan syn pedalen fêstsit. By in koarte triatlon docht er dat oars. Dan hat er ûnder it fytsen gewoan syn hurddraafskuon oan. ‘Dan hoef ik niet te wisselen van schoenen en ben ik sneller.’ Ek hoecht er him tuskentroch net om te klaaien. Hy hat in pak oan dêr’t er yn swimme, fytse én hurdrinne kin. By triatlon telt net allinnich hoe fluch oftst bist by de trije ûnderdielen. Ek mei de wiksels kinst tiid winne of ferlieze.

Dat Dean behoarlik rap is, liet er sjen by de miny-triatlon op It Hearrenfean. Dêr swom er 200 meter, fytste er 8 kilometer en rûn er 2 kilometer. Syn eintiid wie 33 minuten en 40 sekonden. Dêrmei wûn er de wedstriid. Benammen it lêste ûnderdiel wie swier. ‘Het hardlopen, want het was heel heet.’ Nei de finish wist er dêr wol ried mei: hy dûkte fuort wer it wetter yn.

Foar in wedstriid fielt er sûne wedstriidspanning. Ek goed ite heart by de tarieding op in wedstriid. Pasta stiet dan faak op it menu. By langere ôfstannen nimt hy ûnderweis soms enerzjygels mei.

Golven en kjeld

Fan de trije ûnderdielen fynt Dean hurddrave it leukst. ‘Daar ben ik ook het beste in. Zwemmen moet nog wel wat beter.’ Swimme yn iepen wetter is hiel oars as yn in swimbad. ‘In buitenwater heb je minder zicht en soms ook wel golven. En het kan heel koud zijn.’

Ek op de fyts spilet it waar in rol. Je kinne bygelyks flinke tsjinwyn ha. Krekt dy ôfwikseling fynt Dean leuk oan triatlon: trije hiel ferskillende sporten folgje direkt op elkoar en gjin wedstriid ferrint presys itselde.

Stilsitte docht hy sawisa net folle. Fjouwer oant fiif dagen yn ’e wike is Dean mei sport dwaande. De measte tiid giet nei fuotbal by FVC yn Ljouwert.



Dêrneist docht er oan survivalrun by in feriening yn Ljouwert. Syn fuotbaltrainingen komme by de triatlon goed fan pas. As middenfjilder by FVC O15 -1 makket er ûnder in wedstriid aardich wat meters en bout er in goede kondysje op. Dêr hat er by de triatlon wer foardiel fan.

Sporten kombinearje

As Dean ien sport kieze moatte soe, stiet fuotbal boppe-oan. ‘Ik denk dat ik een teamsport toch leuker vind.’ Mar kieze hoecht gelokkich noch net. Salang’t er de ferskillende sporten goed kombinearje kin, wol er dermei trochgean.

Ofrûne seizoen die er oan fiif of seis triatlons mei. In soad wedstriden foar bern binne der neffens him net. No’t it triatlonseizoen foarby is, begjint it survivalseizoen wer. Takom jier wol er opnij triatlons dwaan. Sa wol er bygelyks wer nei Holten, dêr’t er earder goede topsporters yn aksje seach. In grut foarbyld yn de sportwrâld hat er net. Sels better wurde fynt er belangriker. Syn advys oan leeftiidsgenoaten dy’t benijd binne nei triatlon? ‘Het is leuk om zwemmen, fietsen en hardlopen te combineren. Je moet het eigenlijk gewoon eens proberen.’

Tekst: Bianca Beemer, byld: Martin de Jong

Yslik

Maayke en Bauke binne in jûn allinne thús. Heit en mem hawwe in barbekjûfeestje.
‘Wat sille wy jûn ite?’ Bauke sjocht benijd nei Maayke. ‘Sille wy pizza bestelle of in patatsje helje?’
Maayke skodhollet. ‘Ik bin blut’, seit se. ‘Ik ha juster krekt te shoppen west. Sille wy gewoan sels wat meitsje?’
Bauke lûkt oan ’e skouders. Hy hie tocht dat Maayke him wol traktearje soe. Dy is altyd better mei jild as hy. Syn jild is al fjirtjin dagen op.
Se rinne tegearre nei de keuken. Bauke lûkt de friezer iepen. ‘Wow, wat in soad iisko’s!’
‘Ja, heit en mem hawwe beide iis yn ’e oanbieding kocht.’ Maayke sjocht him glunderjend oan.’
‘Ik wit al wat ús neigerjocht wurdt’, seit se.
Bauke dûkt wer yn ’e friezer. ‘Ah patatas!’ Ropt er. ‘En dizzen hawwe wy ek noch!’ Hy hâldt in pak kroketten omheech.
‘Nice’, seit Maayke. ‘Slingeresto de airfryer oan? Dan set ik de wettersieder oan. We hawwe ek noch woartels. Ik ha heit en mem tasein dat wy griente ite.’
Bauke fynt it al lang bêst, hy hat honger. Hy docht de patat en wat bakbûter yn ’e airfryer en set him oan.
Floep! De ljochten fleane út. De wettersieder hâldt op fan sieden en de airfryer jout gjin lûd mear. Se sjogge elkoar ferheard oan. ‘Shit, de stroom leit derôf’, seit Maayke.
Maayke pakt har iPhone. ‘Ik app Brechtsje oft se dêr wol stroom hawwe.’ Mar dêr flocht de achterdoar al iepen. Brechtsje en Skelte komme deryn.
‘Hawwe jim ek gjin stroom mear?’ freget Brechtsje.
Maayke skoddet de holle.
‘Wy woene krekt patat en kroketten meitsje’, fertelt Bauke beteutere.
‘Bale!’ seit Skelte. ‘Jim heit en mem binne seker ek nei dat barbekjûfeestje?’

Bauke en Maayke knikke.
‘Wy wiene Adolescence oan it sjen’, seit Skelte. ‘Dat meie wy eins net.’
‘Ek bale’, seit Bauke.
‘As de stroom útfallen is, dan docht de friezer it ek net mear!’ Maayke sjocht ferskrikt.
‘Dan rane alle iisko’s’, seit Bauke. ‘Wy hawwe der in hiele protte.’
‘Wy ek,’ wit Skelte te fertellen. ‘Der wie in oanbieding by de Jumbo.’
‘We moatte se daliks opite’, fynt Brechtsje. ‘Oars rane se!’
‘Ja,’ seit Skelte. ‘Skande!’
‘Mar it binne der fierstente folle,, seit Maayke. ‘Wy hawwe 48 kornetto’s.’
‘Wy ek’, seit Brechtsje. ‘Ik kin echt net 24 kornetto’s op.’
‘Ik ek net’, skodhollet Maayke.
Bauke en Skelte sjogge elkoar oan. 24 kornetto’s is wol in hiele protte.
‘Litte we in ‘yslik’ feestje hâlde!’ ropt Bauke. ‘In soarte fan Halloween mar dan oarsom.’
‘Ja, goed idee!’ Maayke klapt yn ’e hannen.
‘We kinne allegear grizelich ferklaaid gean. Dat ferwachtet net ien. Dan litte we elkenien skrikke en as treast krije se in iisko’, joecheit Skelte. ‘Kom, wy appe de oaren. Wy sizze dat elkenien iis meinimme kin en ferklaaid komme moat! Wy meitsje in yslike optocht.’

Efkes letter komme Douwe, Bram, Samir, Wout, Elske, Maud en Amina deryn. ‘Ik haw knetteriisko’s en magnums meinaam’, seit Wout.
‘Ik raketsjes en parre-iisko’s.’ Elske hâldt twa pakken omheech.
Maayke en Brechtsje hawwe de smink derby pakt en bloed, fampieretosken en swarte eagen fabrisearre.
‘Opsjitte’, slist fampier Bauke. ‘De iisko’s rane!’

Allegearre nimme se in iisko. Dan giet der in yslike optocht troch de strjitte.
By alle doarren belje se oan.
‘No no…’ buorman Pyt sjocht harren skrokken oan.
‘Kinne jim wol, sa’n âlde man skrikke litte!’
Skelte gniist. ‘Wy hawwe in yslike optocht. We diele iisko’s út want dy rane no’t de stroom it net docht.’
Dêr fleuret buorman Pyt fan op. ‘Wat in goed plan! Ik les wol in raketsje!’

De yslike optocht lit in spoar achter fan skrokken, blide minsken en lekkende iisko’s. Se binne hast oan ’e ein fan ’e strjitte.
‘Hjir is it barbekjûfeestje’, seit Bauke. Hy snúft. ‘Ik rûk de hamburgers al.’
‘Kom, wy litte se goed skrikke’, flústeret Skelte.
Mei yslike lûden draaft de optocht it feestterrein op.

Skrokken sjogge de feestgongers nei de optocht.
‘Wat is dit no?’ Heit sjocht Bauke en Maayke ferbjustere oan.
‘We hawwe gjin stroom mear’, fertelt Maayke.
‘Alle iisko’s rane, mar we kinne se net allinnich op’, seit Bauke.
‘We diele se út oan de hiele strjitte, krekt as by Halloween mar dan oarsom.’
‘Haha’, laket heit. ‘Dat is nochris in goed plan! Kom mar op mei dy iisko’s. Wy wolle hjir allegear wol ien ha foardat der neat mear fan oer is.’
‘Sille we ruilje? Wy in hamburger en jim in iisko’, seit Bauke, hy is noch roppiger as earder op ’e jûn en hâldt it lekkende pak kornetto’s omheech.
‘Goed’, seit heit. ‘Tsjin sokke yslike grizels doar ik gjin nee te sizzen.’



Tekst: Berber Spliethoff, byldt: iStock

Wa wie dat?

Redbad: kening fan de Friezen

Hasto wolris fan *Game of Thrones* heard? Yn dy searje stride ferskillende keningen tsjininoar yn midsiuwske klean. Fryslân hie yn de iere midsiuwen ek in kening: Redbad. It Fries Museum hat yn 2026/2027 in grutte tentoanstelling oer him. Mar wa wie dy kening Redbad eins?



Grutte Fibula fan Winaam



Paspoart Redbad

Namme: Redbad
Libbe: <670 - 719
Berop: kening fan de Friezen
Opfallend: woe net doopt wurde

Yn de sânde en achtste iuw nei Kristus wenje yn Nederlân ferskillende groepen minsken. Yn it noarden en westen de Friezen, yn it easten de Saksen en yn it suden de Franken. It binne lytse keninkrykjes. Troch oarloch winne of ferlieze se geregeld gebiet. Fryslân is yn dy tiid op syn grutst: it Magna Frisia leit oan de hiele Noardseekust, fan België oant Denemarken ta. Al binne de gelearden it dêr trouwens noch altyd net folslein oer iens.

Heidenen

De Friezen leauwe yn natuergoaden, dy't se geregeld offers bringe. Se binne benaud dat as se de goaden net te freon hâlde, dat dy lilk wurde. En dan kinne je rekkenje op straf: honger, min waar of sykte.



Slach by Doarestêd

De Friezen binne echte hannelers. De grutste hannelsstêd is Doarestêd (by Utert), in stêd dy't elk graach hawwe wol. De Friezen hawwe Doarestêd earder op de Franken ferovere. Om 680 hinne wurdt Redbad kening fan de Friezen. Hy moat neat fan de Franken hawwe, om't se it kristlik leauwe ferspriede. Yn 689 komt der in grutte oarloch. Under lieding fan Pepijn van Herstal besykje de Franken om Doarestêd wer yn hannen te krijen. Se winne en sa krije de Franken hast hiel Fryslân yn besit. As Pepijn yn 714 stjert, wit Redbad noch ien kear it gebiet te feroverjen.

Heiden of kristen?

It ferhaal giet dat Redbad yn syn lêste jierren besite hân hat fan misjonaris Willibrord. Hy wol de Friezen graach kristen meitsje. Kening Redbad is, no't er âld en min is, nijsgjirrich wurden nei de himel. As er him hast troch Willibrord dope lit, tinkt er neffens de leginde ynienen oan syn heit en pake. 'Dyn foarâlden binne yn 'e hel, do sjochst harren net wer', seit Willibrord. 'Lit dat dopen dan mar sitte', seit Redbad en rint fuort.

Redbad yn it Fries Museum

Yn de grutte tentoanstelling '*REDBAD – De legendarische koning*' komt it Frisia fan de 7de en 8ste iuw ta libben. Fryslân wie doe folle grutter: in Noardseegebiet dat him útstruts fan de Nederlânske oant de Noard-Dútske kust en it Utertske rivieregebiet. Yn de tentoanstelling ûntdekst hoe't minsken yn dy tiid libben, leauden en reizgen. In grut topstik dat te sjen is, is in fibula (mantelspjeld) út 600 nei Kristus, dy't yn 1953 fûn waard by Winaam.

De tentoanstelling is oant en mei 7 febrewaris 2027 yn it Fries Museum yn Ljouwert.

Tekst: Froukje Sijtsma/Marrit de Schiffart, byld: Fries Museum

SA2026



Longsleeves

Skrol in pear minuten troch TikTok en de kâns is grut datst op syn minst trije longsleeves foarby kommen sjochst. In longsleeve is komfortabel, cool en supermaklik te *stylen*. Doch 'm oan boppe in baggy jeans of ûnder in T-shirt foar in laagjeslook. Hoefolle longsleeves hasto yn 'e kast?

Minecraft

Minecraft-spilers, wês derby! It spul krijt takom jier in nije diminsje, *The Sift*. No hast allinnich noch *The Overworld*, *The Nether* en *The End*. Yn Minecraft Dungeons ll kinst *The Sift* al spylje en yn 2027 komt The Sift nei it gewoane Minecraft. Superfet, dochs!?



The Hunger Games: Sunrise on the Reaping

May the odds be ever in your favour! Leafhawwers fan *The Hunger Games* kinne harren klearmeitsje, want der komt in nije film. Yn *Sunrise on the Reaping* reizgje wy werom nei Panem, 24 jier foar it ferhaal fan Katniss. Dit kear folgje we de jonge Haymitch mei de fyftichste Hunger Games. Fan 19 novimber ôf yn de bioskoop!





Dirty soda

In frisdrank mei in fluts rjemme, in bytsje sjerp en in knypke sitroen. Wat begûn as in lokaal fenomeen yn de Amerikaanse steat Utah, is útgroeid ta in wrâldwide drankjeshype. De kombinaasje fan swiet, soer en fris sjocht der smoarch (fandêr de namme) út as de rjemme oer it iis getten wurdt. Maklik om sels te meitsjen. Hasto it al besocht?



Manifestearje

Dream grut! Op TikTok is *manifesting*, oftewol manifestearje, hielendal trending. Jongerein makket *moodboards* en filmkes oer harren ideale takomst: dreamfakânsjes, goede sifers, nije freonen of sels in crush. It idee? Troch posityf te tinken en dyn doelen fisueel te meitsjen, bliuwst motivearre om dyn dreamen útkomme te litten. Wa wit wurket it wol...

Antwurd Ding fan 'e dei: Iepenloftspul

Tekst: Antje Greidanus

Skoare

Alle dagen tegearre
as it kin oant jûns let
heechhâlde, oertikke
of sjitte tsjin it net

Wy fine inoar blyn
wy, as spits en linksfoar
as ik in bal fan Jan krij
wit ik dat ik skoar

En no winne wy,
al fiif kear op rij
de measte doelpunten
binne fan Jan en my

Jan en ik,
wy seagen him al stean
it koe net misse:
in scout fan It Fean

De trainer naam my apart,
frege oft ik it al wist
de scout beoardiele my,
Jan stie net op 'e list

No stiet de scout dêr wer,
hy is noch net wis
ik hoech net lang te tinken
en skop de bal keihurd mis

Harmke van der Werf



Illustraasje: MADE ontwerp/Mathilda Busman



Frysk leare mei SKREP

Duolingo hat Hawaïaansk, Skotsk, Navajo, Latyn… mar gjin Frysk. Hoe kinst dan goed Frysk leare? Miskien is SKREP wol wat. Dat is de earste folslein Fryske taallearapp. De Afûk hat dizze app dit jier útbrocht om minsken makliker Frysk leare te litten. Kinst lêze en harkje oefenje mei koarte leskes en sels dyn útspraak traine mei ynsprekopdrachten. Kinst sels kieze hoe dreech of maklik oftst de lessen ha wolst.



Pikachu yn ‘e romte

Wat sjoch ik dêr heech yn ’e loft? Is it in fleantúch, of is it in fûgel? Nee, it is Pikachu! It is echt wier: in knuffel fan astronaut Pikachu hat in skoft mei flein mei in Frânske astronaut yn it ynternasjonale romtestasjon ISS. Op dat stasjon wurkje astronauten fan oer de hiele wrâld oan eksperiminten om mear te learen oer de ierde en it universum. Mei de Pikachu-aksje wolle de astronauten jongeren entûsjast meitsje foar romtefeart. Moatst gjin hichtefreze ha!



Krityske blik op Meta-brillen

‘Hee, nimsto my no stikem op?’ De nije brillen fan Meta, mei kamera en mikrofoans, soargje foar ferfelende situaasjes. De brillen kinne dy nammentlik stikem opnimme. Dêrom komt Meta no ek mei in audiobril. Mei mikrofoan, mar sûnder kamera. Sa kinst noch wol mei de AI-assistint fan it bedriuw prate. Dochs bliuwt de djoerdere kamerabril ek gewoan bestean. Hy kriget wol in dúdliker lampke dat sjen lit dat ien dy opnimt. Soesto sa’n bril ha wolle? Of soene se ferbean wurde moatte?

Hyves? Wat is dat?

Grutte kâns datst it sels noait brûkt hast: Hyves. Fyftjin jier lyn wie dat it aldergrutste socialmediaplatfoarm fan Nederlân. De helte fan alle Nederlanners hie in akkount op dy site, dat bekend stie om syn unike emoji’s, lykas in dûnsjende banaan. Yn 2013 luts it bedriuw achter it Nederlânske platfoarm de stekker derút, omdat minsken allegearre oerstapten nei Facebook. No is it werom, sûnder ferslaavjende algoritmes en allinnich in tiidline mei posts fan freonen. No noch sjen oft it oanslacht!





Alwer in Fortnite-rjochtsaak

Fortnite is in fergees spultsje. De makkers fertsjinje jild trochdat minsken *skins* en dûnskes keapje. Mar dêr brûke se trúkjes foar en dat mei net, fynt de rjochter. It bedriuw achter de game krige dêrom earder al in boete. De makkers brûke grutte knoppen en ôftelklokken om spilers ûnder druk te setten. No wol in groep it jild weromkrije dat spilers dêrtroch útjûn hawwe. Dat giet net om in lyts bedrach: yn totaal wolle se sa’n 100 miljoen euro werom hawwe!

Tekst: Daniël de Boer, byld: ANP/iStock